

PARSEBERJOCHT

10 maaie 2016

De Fytsalvestêdetocht op Omrop Fryslân

Al mear as hûndert jier starte der op Pinkstermoandei in soad fanatike fytsers oan de Fytsalvestêdetocht. Omrop Fryslân folget de fytsers yn harren 235 kilometer lange tocht fan Boalsert oant Boalsert. De hiele dei wurdt ferslach dien op alle media fan Omrop Fryslân. Jûns stjoert Omrop Fryslân in spesjaal programma oer de fytsdei út op telefyzje.

Moarns docht ferslachjouster Lennie Bronsveld live ferslach fan de tocht út Dokkum wei wannear't de dielnimmers noch 'farsk' binne. Middeis nimt Joline Dalstra it stokje fan har oer en docht ferslach fan it fytsevenemint yn Sleat. Sy praat mei de fytsers, sjocht by de stimpelpost en freget reaksjes fan it publyk. Fierder giet ferslachjouwer Jan Durk de Haan de hiele provinsje troch om yn de ferskate stêden it evenemint te ferslaan.

Net allinnich op de radio wurdt ferslach dien fan de Fytsalvestêdetocht. Ek op Omrop Fryslân Telefyzje en fia de webside en Omrop-app binne de hiele dei live bylden te sjen fan de fytsers. Fierder folget Omrop Fryslân ek noch de Harnzers Bartele Boersma en Jellie Tichelaar dy't meidogge op de tandem. Op de tandem sit in kamera, sa binne sy de hiele dei te folgjen.

Lykas yn foargeande jierren is der ek dit jier in spesjale telefyzje-útstjoering út Boalsert wei. Fan 18.20 oere ôf sjocht presintator Roelof Lousma by de finish hoe't de fytsers oankomme en hoe't it mei harren steld is. Binne sy stikken of kinne sy noch wol in rûntsje? Neist de ferslachjouwing binne der ek reportaazjes te sjen fan ferskate dielnimmers.

Minsken kinne op Pinkstermoandei sms'e, whatsapppe en twitterje nei de Omrop. De ynstjoerde berjochten komme middeis foarby op telefyzje. Sms'e en whatsapppe kin nei **06-20499199** en twitterje kin fia **#fyts11**.

Fytsalvestêdetocht op moandei 16 maaie 2016:

Radio : fan 08.00 oant 18.00 oere op Omrop Fryslân Radio, 92.2 FM

Online : fan 08.00 oant 18.00 oere fia de app en omropfryslan.nl

Telefyzje : fan 08.00 oant 18.00 oere op Omrop Fryslân Telefyzje. De jûnsútstjoering by de finish yn Boalsert mei hichtepunten fan de dei is te sjen fan 18.20 oere ôf.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 78 76.

PERSBERICHT

10 mei 2016

De Fietselfstedentocht op Omrop Fryslân

Al meer dan honderd jaar starten er op Pinkstermaandag veel fanatieke fietsers aan de Fietselfstedentocht. Omrop Fryslân volgt de fietsers in hun 235 kilometer lange tocht van Bolsward tot Bolsward. De hele dag wordt verslag gedaan van de tocht op alle media van Omrop Fryslân. 's Avonds zendt Omrop Fryslân een speciaal programma over de fietsdag uit.

's Morgens doet verslaggeefster Lennie Bronsveld live verslag van de tocht vanuit Dokkum wanneer de deelnemers nog 'vers' zijn. 's Middags om 13.00 uur neemt Joline Dalstra het stokje van haar over en doet verslag van het fietsevenement in Sloten. Zij praat met de fietsers, kijkt bij de stempelpost en vraagt reacties van het publiek. Verder gaat verslaggever Jan Durk de Haan de hele provincie door om in de verschillende steden het evenement te verslaan.

Niet alleen op de radio wordt verslag gedaan van de Fietselfstedentocht. Ook op Omrop Fryslân Televisie en via de website en Omrop-app zijn de hele dag live beelden te zien van de fietsers. Verder volgt Omrop Fryslân ook nog de Harlingers Bartele Boersma en Jellie Tichelaar die meedoen op de tandem. Op de tandem zit een camera, zo zijn zij de hele dag te volgen.

Zoals in de voorgaande jaren is er ook dit jaar een speciale televisie-uitzending vanuit Bolsward. Vanaf 18.20 uur kijkt presentator Roelof Lousma bij de finish hoe de fietsers aankomen en hoe het met hen gesteld is. Zijn ze kapot of kunnen ze nog wel een rondje? Naast de verslaggeving zijn er ook reportages te zien van verschillende deelnemers.

Mensen kunnen op Pinkstermaandag ook sms'en, whatsappen en twitteren naar de Omrop. De ingezonden berichten komen 's middags voorbij op televisie. Sms'en en whatsappen kan naar **06-20499199** en twitteren kan via **#fyts11**.

Fietselfstedentocht op maandag 16 mei 2016:

Radio : van 08.00 tot 18.00 uur op Omrop Fryslân Radio, 92.2 FM

Online : van 08.00 tot 18.00 uur via de app en omropfryslan.nl

Televisie : van 08.00 tot 18.00 uur op Omrop Fryslân Televisie. De avonduitzending bij de finish in Bolsward met hoogtepunten van de dag is te zien vanaf 18.20 uur.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 78 76.